



Doarpskrante **Linepraat**

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- **De Haven yn de fyftiger jierren**
- **Jaarvergadering Linepraat**
- **Samenvoegen uitvaartverenigingen?**
- **'Myn Friens' fan Joke de Boer**



Maart 2024

Altijd uitstekend bereikbaar!



Te voet, met de fiets, op de schaats, aanmeren met de boot of kiest u voor de auto? Jumbo Grou is altijd uitstekend bereikbaar. Bovendien parkeert u geheel gratis op ons grote terrein en kunt u gratis aanmeren aan onze steiger. Wij beschikken over een geldautomaat. Dat betekent voor u gemakkelijk en voordelig boodschappen doen!

Hallo

JUMBO
Grou



Moarns ier,

*Amperoan hat d'âld kening Rûchburd
syn hearskappij der oan jûn
as de earste tekens fan de maaitiid
dy stekke de kopkes út de grûn.*

*It binne de lytse maarteblomkes
mei harren kelkjes súver wyt,
dy't alweroan witte litte
wy bin de deadske winter kwyt!*

*Mar mear noch as dy lytse blomkes
binne't ús greidefûgels wer,
dy't mei har komst út it suden tsjûge
it nije libben is der wer!*

*En de bliere rop fan dizze freonen
is al jierren op 'e nij
de grutste strieling foar ús earen
't klinkt as de moaiste melodij.*

*En it lûkt de leden fan ús klupke
ûnwersteanber nei har ta.
It bin ûnferjitlike dagen,
dy't wy dan yn de mieden ha.*

Dit skreaun Ids Boersma 75 jier lyn
foar de gearkomste fan aaisykklup Moarns ier.
Dy klup bestie fan 1892 – 2017.
Doe wie it dien.
Der mocht net mear aai socht wurde.

Ids Boersma wie fan 1954 – 1986 skriuwer
en foarsitter fan dizze klup.
Yn it tinkboek: Moarns ier, it Paradys fan de
freonen fan
is ien en oar te lêzen.

In protte op rym
Dus no ris gjin eigenmakke gedicht.
As jin it boek fine kinne, lêse it.
It is de muoite wurdich.

N.B. Foar de jongere generaasje:
Ids Boersma wie ús (RABO) bankman
En de heit fan Afke van Gorkum
En no't we it der dochs oer hawwe:

Durk van Gorkum, Afke har man,
syn hei wie Oebele van Gorkum.
En dy wie fan 1956 – 1988 penningmaster fan
Moarns ier.

No sa!
P. febrewaris 2024

De Snitserdyk

Earst wie dêr neat.
Ja, de Middelsee.
En in seedykje.

Tusken rûchwei 1100 en 1500 waard dy
Middelsee ynpoldere.
Doe kaam der in paad fan de Trije Romers nei
de Engelope en de Rûne Skoarstien op
Tsienzerbuorren.

Yn 1828 waard de strjitwei fan Ljouwert nei
Swolle oanlein.
Dwers dêr op kaam in dyk fan de Snitserhoeke
oer Tsienzerbuorren nei Snits.

Yn 1985 ride der alle dagen 4.500 auto's troch
Wytgaard en Reduzum fia de Snitserhoeke oer
Tsienzerbuorren rjochting Snits of Ljouwert.

Dan wurdt der neitocht om de S11 troch te
lûken nei de RW32.
De bewenners klimme op de barrikaden: in
racebaan flak foar de doar soarget grif foar
ferkearûnfeiligens en noch folle mear lawaai.

It is net te kearen: yn 1989 fynt de
streekrochte oansluting fan N354 op A32 syn
beslach.
Mar de bochten bliuwe, de ûngelokken bliuwe,
de snelheid bliuwt, de beswierren bliuwe.

Yn 2017 wurdt neitocht oer in 'stroomweg', in
folslein nije fjouwerbaans ferbining nei alle
gedachten lâns it spoar Snits – Ljouwert.
Wurdt neat. Ferget in protte tiid en jild, jout in
soad argewaasje.
En der ride no al 11.000 auto's deis hinne en
wer ! Der moat wat dien wurde!

Fjouwer jier letter fynt de werynrjochting fan
Tsienzerbuorren plak.
De dyk wurdt read, der komt in fytspaad, in
rige beammen en in 60 km-boerd oan
wjerskanten.

We binne no al wer trije jier fierder en fan
maat oant heal maaie sil wurke wurde oan de
ovondes by de ôfslaggen fan Raerd en
Easterwierrum.
It sil it lêste wurk net wêze.

Henk.

Kolofon

De Linepraat is de doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia linepraat@gmail.com yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanlevere yn pdf.

Redaksje: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth

Oare Meiwurkers: Tsjikke Boonstra, Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema, Gerrie de Leeuw en Geeske Smorenborg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen kinne lid wurde. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanlevere.

Advertinsjes: Advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612**

Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De 'post-adressen' betelje € 30 yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenborg til.602164

By kopy dy't te let binnen komt jouwe wy net de garânsje dat it pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje en is net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopij wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.


Yn dizze Linepraat

Aginda /Ald papier	5
Dy tiid hat west / Versmarkt	7
Jaarvergadering Linepraat	8-9
Kort nieuws	11
Uitvaartvereniging De Laatste Eer	13-15
It stikje fan Koos	17
Kinderhulp: Friese vakantieadressen gezocht	19
Myn Friens / Bijpraattafel	21
Kerk / Windenergie	23-25
Kort nieuws	27
Mededelingen	29
Trije Doarpen Skoalle	30-33
Peuteropvang De Earste Wjukslach	35
Doarpsmûne Reduzum	37
Wrafke	39
Doarpsbelang Reduzum	41
Glêsfazelpraat	45
QlubbRED / Keatsen	47
Korfbal	49-50
Gymnastiek	51
De Trije Romers	53
Wisten jo dat...? / Uit de oude doos	54

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand **gratis** in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen door nevenstaande QR-code te scannen en daarmee een **vrijwillige bijdrage van €5,-** over te maken. Bij voorbaat hartelijk dank!



Foto foarblêd: Op 'e Master Wybrensdyk binne de beammen wer moai knotte. (Foto: Dirk Vermeulen)



Agenda

1	mrt	Act. Kommissje	Tryater mei Thúsblaze
12	mrt	Koffiedrinken	Lokaal achter de kerk 10:00
12	mrt	Linepraat	Jaarvergadering Linepraat Skoalle 20:00
13	mrt	KCA	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
13	mrt	Vrouwen v Nu	
14	mrt	KCA	Inzameling Klein Chemisch Afval Friens / Idaerd
15	mrt	QlubbRed	Apres Ski feestje
18	mrt	DB Reduzum	Vergadering DB Reduzum It Lokaal (Vrije Inloop vooraf melden)
19	mrt	Pjutterklas	Open dag 9:00-10:45
20	mrt	Skoalle	TDS Open dag 9:00-16:00
22	mrt	De Laatste Eer	Jaarvergadering 20:00 Lokaal Idaerd
24	mrt	Kerk	Palmpasen Reduzum 10:30
27	mrt	Filmavond	Lokaal bij de Kerk 19:30
29	mrt	Versmarkt	Versmarkt on Tour 14-17 Wytgaard bij Frederika
29	mrt	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
5	apr	PB Idaerd	Jaarvergadering Plaatselijk belang Idaerd
12-14	apr	QlubbRed	Kamp Blierherne
4	mei	Deadebetinking	Tsjerke 20:00
13-16	mei	Act. Kommissje	Kuier trije daagse
7/8/9	jun	Café	Café Bar De Welp 50-jarig jubileum
15	jun	Wandelen	Slachte Marathon
22	jun	Korfbal	Oud IJzer actie
29	jun	Keatsen	Heren Hoofdklasse partij
29	jun	Keatsen	Jubileumfeest KV Reitsma 120 jaar
6	jul	Festival	Muzuder Iepen Loft Festifal (MILF).
13	jul	Volleybal	2 ^e Terpenvolleybaltoernooi
5	okt	Café	50 jaar Café Bar de Welp

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:	Verschijningsdatum:
April	20 mrt tot 12:00 uur	28 maart
Mei	17 apr tot 12:00 uur	25 april
Juni	22 mei tot 12:00 uur	30 mei

Oud papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2024	Reserve: Gerrit				Reserve
27 mrt	Micha	E. Jonker	T.H. Brouwer	S. de Boer	J. Zijlstra
24 apr	Arie	J. Koopmans	E. Wieling	G. v.d. Meulen	P. Brouwer

Koffie drinken in het lokaal

Elke tweede dinsdag van de maand



Lijkt het u ook gezellig om eens per maand met anderen te koffiedrinken?

Dit kan op dinsdag 12 maart om 10 uur in het lokaal achter de kerk.

Voor meer info telnr.: Jelly v.d. Zijl: 0566 602399

Wolwêzengroep

SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geïsoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeïsoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |

Dit kear in stikje fan Hoite Spijkstra

De bewenners oan de Haven út myn jeugd yn de fyftiger jierren

Op de bridgeklup gong in foto rûn fan Fokke Uilkema mei in ezel yn it parkje oan de Haven. Doe kaam it praat oer de minsken dy't eartiids wennen yn it hûs op de foto. En fan it iene komt it oare.

As we de Haven yn de fyftiger jierren yn gedachten del geane, dan hiene je oan de eastkant as earste de steechútgong fan Siebe Sytema, dy't de foardoar fan syn frachtbedriuw oan de Buorren hie. Syn auto stie yn de loads fan Okkinga, no it skjinmakbedriuw fan Langeberg. Dêrnei kaam in soarte fan garaazje, dy't fan Siebe 'Stut' wie, dy't wenne oan de Haedstrjitte tusken de buorkerij fan Posthumus (de Nije Twixel) en de krûdenierswinkel fan Koelstra (oant foar koart de slachter). Hy hannele yn skiep en keallen.

Letter waard dizze garaazje omfoarme ta in manljuskapperssaak dy't rund waard troch Rinze Kloosterman, troud mei Wieke Fopma. Rinze hie yn Ynje tsjinne as hospik en dêr it nedige meimakke. De kapperssaak mocht ik as jonge wol graach hinne as ik knipt wurde moast, want der waard troch de oanwêzigen alderhande lêste nijs oer it doarp en de bewenners ferteld. It waard net foar neat it 'kulturele sintrum' neamd.

Dan kaam de wenning fan Klaas en Riem de Jong, dy't it postkantoar runden. Je seagen frou De Jong faak dwaande mei de telefoansintrale mei alderhande klepkjes, dy't iepen en ticht setten waarden. Sa waarden de inkelde minsken en bedriuwen dy't telefoan hiene, mei-inoar ferbûn. Klaas hie as bynamme Klaas Ahoy, om't er eltsenien groete, mar ek wol Klaas Post. Neist de doar fan Klaas de Jong siet dy fan Hindrik en Knilleske de Jong. It wie allinne mar in gong, de wenning stie achter de oare hûzen. Hindrik hie de bynamme 'De Dútsler', faaks om't er yn Dútslân wurke hie en wolris wat Dútsk hearre liet. Hy wie fisker en rikke sels iel, dy't er fong yn in tonne op in stikje grûn foarby de buorkerij fan Willem de Boer. Se hiene in dochter en dat famke wie wat beheind.

Dan kaam âlde Floor, in wat bazige, âlde frou, dy't beslist net hawwe woe dat we yn it parkje mei de beammen en de boskjes sieten. Dan kloppe se op it rût en seach lilke nei ús, mar we naaiden net út, want we mochten as bern graach sidekrûpboartsje oan de Haven. Somtiden as it har oer de hege skuon rûn dan kaam se nei bûten en drige ús mei har stok, dy't se mei it rinnen nedich hie.

Letter wenne dêr Douwe Hokwerda mei de frou en dochter Atsje. Dat boartsjen kaam ek nei foarren yn it gedicht fan Baukje Wytma, yn it memoarium nei har ferstjerren. Dêr waard praat oer it wite pealtsje dat brûkt waard by it sidekrûpboartsjen (plakjekrûpe), dêr waard ôfteld en en ek ferlost. Dat wite pealtsje stie midden yn de dyk, sa ûngefear tusken famylje Mast (mei de soannen Sieger en Geart) en bakker Eijzinga (mei Cobie en Gerrit). It foarkaam dat auto's en oare weinen telâne komme soene op it smelle paad, dat foar de pastorij delrûn.

Dat pealtsje krige in bêste opdonder doe't in frachtauto út Ljouwert skerp sân brocht foar beton, doe't ús heit by ús thús in kelder oanlei. De sjofeur ried achterút nei ús ta, mar te fier, hy rekke dat pealtsje en we hearden in knappend lûd. Hy hat it doe mei in tou oan de frachtauto wer rjochtlutsen, mar it wie yn wêzen kapot. Letter romme Gemeentewurken fan Idaerderadiel it op.

Wy wennen neist bakker Eijzinga en wienen doe mei ús sân: heit en mem, Auke, ik, Annigje, Hinke en Antsje. Letter kaam ús Wietske der noch by. Yn it gebou dêr't earder famylje Langeberg wenne, siet doe famylje Hiemstra dy't earst it postkantoar hie. Op de boppeferdjipping hiene we op jûntiid kategisaasje fan dûmny Inberg, dy't mei syn frou, soan Klaas Jan, dochter Alie en de soannen Henk, Luc en Quintus en in âlde muoike yn de pastorij wenne.

Dat wie ús kant fan de âlde Haven.

Versmarkt on tour

Goede Vrijdag 29 maart zijn wij in Wytgaard

op het pleintje bij de winkel van Frederika

van 14 – 17 uur

Meer nieuws op Reduzum.com of Facebook Versmarkt

Jaarvergadering Linepraat

Uitnodiging jaarvergadering Linepraat

Doarpskrante Reduzum e.o., uitgever van de Linepraat, nodigt haar leden, vrijwilligers, redactie en alle lezers uit voor de jaarvergadering op **dinsdag 12 maart 2024** om **20.00 uur** in De Trije Doarpen Skoalle.

Agenda:

1. Opening
2. Mededelingen en ingekomen stukken
3. Jaarverslag 2023
4. Verslag jaarvergadering 2023
5. Financieel overzicht 2023 en begroting 2024
6. Verslag van de kascommissie, Jantsje Kalsbeek en Geeske Smorenborg en de benoeming van een nieuw (reserve)lid
7. Bestuursverkiezing: Geesje Oosterloo en Marjan de Jager zijn aftredend en herkiesbaar. Eventuele tegenkandidaten kunnen zich tot 10 maart melden bij het bestuur
8. Voorstellen om Linepraat toekomstbestendig te maken
9. Rondvraag
10. Woord van dank en sluiting van de vergadering

Het bestuur van Linepraat

Jierferslach 2023 fan de Linepraat, feriening fan de fjouwer doarpen

Der is alwer in jier foarby. In jier mei hichtepunten, mar ek mei djiptepunten. In jier dêr't alle vrijwilligers wer foar de Linepraat klearstiene en der foar soargen dat der alve kear yn it ôfrûne jier wer in doarpskrante by jo yn 'e brievebus rûgele.

De jiergearkomste wie op 14 maart yn skoalle. Nei njoggen jier ús foarsitster west te hawwen naam Jantsje Kalsbeek no ôfskied. Se hat har paadsje mear as skjinfage en we fine it spitich dat se út it bestjoer giet. We betankje har mei in wurd fan tank en in moai bosk blommen. Lokkich bliuwt se as redaksjelid. We binne wiis mei har ynbring yn 'e redaksje en mei de moaie ynterviews dy't se geregeld oanleveret. Mar, wat binne we bliid dat we in nije foarsitter fûn ha. Menno Wiersma folget Jantsje op en hy set entûsjast útein.

It hânboek wurdt realisearre, sadat alle (nije)bestjoersleden makliker fine kinne hoe't alles regele is en hoe't it wurket binnen de Linepraat. We wurde stadichoan 'moderner'. Fan maart ôf is de Linepraat ek digitaal te lêzen. Fia de Reduzum-side kinne jo it lêze.

We besykje stipers te finen. Mei in QR koade dy't yn maaie yn 'e Linepraat stie kin elk in donasje dwaan. It is nijmoadrich en it stûke earst wat, mar neidat Jet kontakt socht hat mei de bank is it samar klear. De QR koade stiet alle moannen foaroan yn 'e Linepraat en elkenien kin op dizze wize ús stypje mei in frijwillige bydrage.

Gerrie de Leeuw hat jierrenlang alle korreksjes dien foar de Linepraat. Foarhinne, doe't Anneke einredaktrise wie, bleau Gerrie nei de redaksjegearkomste om alles wat oanlevere wie nei te sjen. Mar no wurkje we op in oare wize en moast Dirk alle kearen hinne en wer nei Grou. Dat is net echt handich. Nei goed oerlis mei Gerrie beslute we om hjir in oar foar te freegjen. Koos Wieling wol dat tenei wol dwaan. De lyntsjes binne op dizze wize wat koarter.

Gearstje Kleefstra hâldt op mei it besoargjen fan de Linepraat yn Idaerd. Jierrenlang hat Geartsje alle moannen de besoarging dien. Janneke Schuurmans nimt dit fan har oer.

Yn augustus krije we it freeslike berjocht dat Yde slim siik is. Geesje lûkt har foarearst werom út it bestjoer. Anneke Nijdam fynt it gjin beswier om har taken tydlik oer te nimmen. Begjin oktober moat Geesje har Yde al misse. We binne allegear ferslein.

Menno hat yn oerlis west mei de mûnegroep. Dy wol ferieningen finansjeel stypje. Nei in goed petear kriget de Linepraat in finansjele stipe fan € 2.000,-. Wy binne hjir hiel wiis mei. Ek dit jier dogge we mei oan Rabo ClubSupport, wy meie in bedrach fan € 522.37 op 'e rekken byskriuwe. Geweldich moai! Wy binne wiis mei dizze stipe, want we meitsje ús klear foar de takomst. As de stinselmachine der mei ophâldt, moatte we op in oare wize de Linepraat meitsje. Menno is al drok dwaande mei de tariedingen hjirfan en stekt by oare doarpen syn ljocht op hoe't dy dat dogge.

Op 31 oktober nûgje we alle vrijwilligers út foar in gesellich itentsje. We gean nei 'De Wartenster' dêr't in hearlik buffet foar ús klearstiet. It is in tige slagge jûn en ús âldste frijwilliger Hylke Hylkema iepenet tegearre mei Tsjeppe it buffet. Dizze jûn is net alhiel op kosten fan Linepraat, der wurdt oan elk ek in eigen bydrage frege.

Yn novimber komt der wer in nij 'bewaarblêd' út. Dizze wurdt tagelyk mei de Linepraat besoarge. Twa kear yn it jier wurdt dit blêd fernijd, yn maaie en yn novimber, sadat alle feroaringen by de ferieningen alle kearen hielendal bybliuwe.

No binne we jannewaris, alwer hast oan 'e jiergearkomste yn maart ta. Der wurdt hurd wurke oan in nij systeem foar de opmaak foar de Linepraat. InDesign wurdt rûnom as bêste oanjûn. Menno siket it foar ús út en it oare jier yn it jierferslach litte we jim hjir grif mear oer witte.

Hjirby nûgje we jimme út foar de jiergearkomste op tiisdei 12 maart om 20.00 oere yn skoalle. Graach oant dan.

Marjan

Toaniel Friens

Toanielferiening Tusken Swin en Moezel hat it stik "Ai Ai Ai Caramba" yn Friens op de planken del setten. It stik spile him ôf op Ibiza, yn Hotel Mirador. In stel Friezen Geart (Johan Bergsma) en Berta (Hilly Tjalma) ha dit âlde hotel kocht nei dat Berta har baan as wachter kwyttrekke is troch sluting fan de finzenis. De omskeakeling nei gastfrou wie lykwols dreech. Berta falt noch geregeld werom yn âlde gewoanten.

Se ha oannimmer Kobus-Krekt (Hylke Riemersma) oer komme litten foar it efterstallich ûnderhâld, mar it sjit net op en boppedat it jild dat se liend ha fan tante Lydia (Heidi Slot) begjint op te reitsjen en ta oer maat fan ramp krije se ek noch konkurrinsje fan in bekend hotelketen.

Tafallich treft it dat âld buorlju Pieter (Maurits Zeinstra) en Sjouk (Wimmy v.d. Meer) op besite komme op útnûging fan Geart en Berta.

Se binne lykwols noch mar krekt oankaam as der bard fan alles!

Mei Pedro (Herman Ten Kley) as ober en Carla (Anke Bergsma) as kok fan hotel Mirador ha dizze toaniel spilers foar trije jûnen ferdevidaasje soarge. Dit alles ûnder leiding fan regisseur Gerben Posthumus en ynstekker Abe Tjalma



Freedtejûn binne se út ein setten mei de generale, mei 25 jeugd yn de seal wie de opkomst dizze jûn grut. Yn it skoft wie der foar harren in glêske drinken mei popcorn fersoarge troch Marrit fan de Jeugdwurk kommisje.

Sneontejûns wie de seal aardich fol en nei ôfrin fan it stik wie der in ferlotting mei moaie prizen.

Dêrnei koenen de fuotten fan de flier mei sjonger Mario Kramer oant yn de lette oerkes.

Snein in rêstdei foar de spilers en doe noch ien kear knalle.

No dat ha se dien foar in bomfolle seal, ek dizze jûn wie der in ferlotting en nei ôfrin koe eltsenien noch efkes noflik neisitte en byprate.

U kunt weer **energietoeslag aanvragen!**



Check in 10 seconden of u recht hebt op toeslag
www.leeuwarden.nl/check



Energietoeslag 2023 aanvragen kan tot 1 april 2024

Energietoeslag

Vanaf 1 december 2023 kunnen inwoners van de gemeente Leeuwarden een energietoeslag aanvragen. Deze toeslag is bedoeld voor huishoudens met een laag inkomen (een inkomen tot 125% van de bijstandsnorm).

De toeslag is €800 en kan tot en met 31 maart 2024 worden aangevraagd.

U heeft recht op een toeslag als u:

- 18 jaar of ouder bent;
- Inwoner van Gemeente Leeuwarden;
- In bezit geldig Nederlands ID bewijs of een geldige verblijfsvergunning.
- Een energiecontract van een energie-maatschappij heeft op uw naam. Of woont in een zelfstandige woonruimte met een all-in huurcontract

Zie ook advertentie in de Linepraat.

Goud en brúns op WK toulúke.

Jarig-Jan Boersma út Friens hat mei de toulúkploech Deinum-Britsum op it WK toulúke yn Helsingborg yn Sweden in pear moaie prizen binnen lutsen. Yn de 640 kg klasse helle hy mei it team Deinum-Britsum de brúnzen medalje. Mei twa teamgenoaten, Bernlef de Boer en



Engbert van der Weide, brochten se noch wat ekstra gewicht yn by toulúkteam Monnickendam. Mei har sleepten se yn de 680 kg klasse it goud binnen.

Sport Inclusie Fonds (SIF)

Sportclubs in Fryslân die activiteiten gaan ontwikkelen waarbij het gaat om inclusie en toegankelijkheid, kunnen een aanvraag doen voor een financiële tegemoetkoming van maximaal 1000 euro.

Het gaat hier bijvoorbeeld om kwetsbare kinderen, mensen met beperkingen, een smalle beurs, senioren, nieuwkomers of LHBTIQ+ community.

Bij SIF speelt de sportclub een essentiële rol en is meer dan een aanbieder van sportactiviteiten. Het is een veilige omgeving, de plek voor sociale contacten, een middel tegen eenzaamheid en een plek waar veel kinderen tijd doorbrengen.

Jeugdsponsor actie Poiesz Grou

Dit jaar doet de keatsferiening Jan Reitsma Reduzum weer mee aan de jeugdsponsoractie van Poiesz in **GROU**. Bij iedere € 10 aan boodschappen en bij geselecteerde Jeugd Sponsor producten uit de folder krijgt u Gouden Jeugdsponsormunten bij de kassa.

De actie loopt van maandag 12 februari tot en met zondag 7 april. In week 12 (van 18 t/m 24 maart) heeft de kaatsvereniging een actieweek en kunnen ze extra munten verdienen en op zaterdag 23 maart staan er jeugdleden in de winkel (jeugdleden kunnen zich aanmelden bij Annie van Dijk).

U kunt munten eventueel ook inleveren bij één van de bestuursleden.

Om de jeugdleden te stimuleren heeft de kaatsclub een actie bedacht: de jeugdleden die de meeste muntjes inzamelen kunnen die inleveren bij Annie van Dijk en komen in aanmerking voor 1 van de 3 prijzen.

Klussendienst

Voor de maand Maart 2024 is Agatha Vermeulen (06-22355234) het aanspreekpunt voor de klussendienst van de werkgroep Wolwêzen.

Help mee aan de lijst jong erfgoed!

De Provinciale Staten wil beter geïnformeerd worden over de mening en ideeën van Friezen.

Daarvoor is in 2022 het online platform stimfanfryslan.frl gelanceerd. Hier kunnen inwoners meehelpen met het aandragen van jong erfgoed!

Grofvuil

In gemeente Leeuwarden mag grof vuil altijd gratis naar de milieustraat, als inwoners het gescheiden en per soort materiaal aanleveren. Kunnen inwoners het grofvuil niet zelf bij de milieustraat brengen? Dan haalt Omrin het twee keer per jaar gratis op. Hiervoor zijn speciale ophaaldagen. Zie ook flyer in de Linepraat.

Saldering

De gunstige salderingsregeling voor eigenaren van zonnepanelen blijft voorlopig bestaan. Een wetsvoorstel om de regeling vanaf 2025 stapsgewijs af te bouwen krijgt geen meerderheid in de Eerste Kamer.

Salderen betekent dat eigenaren van zonnepanelen de groene stroom van hun dak kunnen terug leveren aan het elektriciteitsnet. Die energieproductie, bijvoorbeeld tijdens zomerse dagen, mogen ze wegstrepen tegen stroom die ze van het net halen, zoals op bewolkte winterdagen.

Klear foar de takomst!

- Dealer van: Abarth, Citroën, Fiat, Fiat Professional, Jeep, Opel, Peugeot en Suzuki
- Erkend reparateur van: Alfa Romeo & DS
- Eurorepar Car Service
- Duurzame zakelijke mobiliteitsoplossingen

Haaïma Hylkema voor iedereen

HAAÏMA HYLKEMA BURGUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Mr. W.M. O. v. Veenweg 34. 9251 GA Burgum - T: 0511 46 98 22

HAAÏMA HYLKEMA DOKKUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Rondweg-West 160. 9101 BG Dokkum - T: 0519 292 303

DRACHTEN | OPEL

De Knobben 25. 9202 XH Drachten - T: 0512 51 44 55

DRACHTEN | PEUGEOT

Servicepunt Citroën Fiat Jeep Opel Peugeot
De Bolder 83. 9206 AP Drachten - T: 0512 54 56 00

EMMELOORD | CITROËN PEUGEOT

Traktieweg 20. 8304 BA Emmeloord - T: 0527 61 36 35

EMMELOORD | OPEL

Servicepunt Fiat Fiat Professional Jeep Opel
Produktieweg 12. 8304 AV Emmeloord - T: 0527 69 81 31

LEEWARDEN | CITROËN PEUGEOT

Coronaweg 2. 8938 CA Leeuwarden - T: 058 288 20 18

LEEWARDEN | FIAT JEEP OPEL

Leo Twijnstrastraat 2. 8923 EL Leeuwarden - T: 058 266 62 55

HEERENVEEN | ABARTH CITROËN FIAT FIAT PROFESSIONAL JEEP

Servicepunt Alfa Romeo Citroën DS Opel Fiat Jeep
Skrynmakker 20. 8447 GH Heerenveen - T: 0513 610 022
Alfa Romeo en DS aftersales

HEERENVEEN | FIAT PROFESSIONAL OPEL

Bedrijfswagens Fiat Professional Citroën Opel Peugeot
Kattebos 162. 8446 DB Heerenveen - T: 0513 62 21 00

HEERENVEEN | PEUGEOT

Beurtschip 35. 8447 CL Heerenveen - T: 0513 62 27 44

FRANEKER | OPEL

Edisonstraat 1. 8801 PN Franeker - T: 0517 39 56 65

FRANEKER | PEUGEOT SUZUKI

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
James Wattstraat 4. 8801 PK Franeker - T: 0517 39 76 00

SNEEK | OPEL

Edisonstraat 1. 8606 JH Sneek - T: 0515 42 20 55

SNEEK | PEUGEOT

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
Kolenbranderstraat 9. 8601 VC Sneek - T: 0515 54 81 11

WURDUM | BEDRIJFSWAGENCENTRUM

CITROËN FIAT PROFESSIONAL OPEL PEUGEOT
Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Werpsterdijk 1. 9088 BZ Wurdum - T: 058 255 13 02



Beste leden,

Wij nodigen jullie uit voor de 119^e Algemene Ledenvergadering over 2023 op vrijdag 22 maart om 20.00 uur in het Lokaal in Idaerd.

Agenda ALV 2024

1. Opening en mededelingen
2. Verslag ALV 2023
3. Jaarverslag bestuur over 2023
4. Verslag kascommissie 2023: Meile Zijlstra en ?
5. Benoeming kascommissie 2024
6. Financieel verslag over 2023
7. Voorstel samenvoeging Raerd en Reduzum
8. Bestuur: afscheid Hylkje
9. Statuten/huishoudelijk reglement (stand van zaken)
10. Bode en dragers zaken
11. Rondvraag en sluiting

Agendapunt 2, verslag ALV 2023

Concept-verslag 118 Algemene Leden Vergadering (ALV) 2022, gehouden op 23 maart 2023 in de lokaal te Friens om 20.00 uur.

Aanwezig: Jappie de Vries, Hylkje Hettinga, Wimmy v.d. Meer, Paule Schaap (notulist), Pieter Terpstra, Meile Zijlstra, Piet Posthumus, Jan Posthumus, Anna Bijlsma, Fiona de Graaf, Pieter Cnossen, Jeltsje Brouwer

Afwezig met kennisgeving: Anneke de Vries, Hester de Vries, Britta en Danique Wynia, Hans Brinksma

- 1. Opening en mededelingen**
De voorzitter heet alle aanwezigen welkom.
- 2. Notulen ALV 2022**
De concept-notulen van de ALV 2022 worden besproken.
Het verslag wordt goed gekeurd.
- 3. Jaarverslagen 2022**
Hylkje leest het jaarverslag voor over 2022.
714 betalende leden, 107 leden onder de 18 jaar.
In 2022 zijn 17 leden overleden.
*De overledenen worden bij name genoemd. Dat zij mogen rusten in vrede.
Het verslag wordt goedgekeurd.
- 4. Verslag kascommissie 2022**
Hans Brinksma en Meile Zijlstra hebben de kascontrole uitgevoerd over 2022
Allen hebben de handtekening voor akkoord gezet. Decharge voor de penningmeester.
Ook alle bestuursleden hebben de handtekening voor akkoord gezet.
- 5. Benoeming kascommissie 2023**
In 2022 zal de kascommissie uit Meile Zijlstra en bestaan. (Hylkje zoekt nog een kascommissielid)
- 6. Financieel verslag 2022**
De vereniging staat er financieel goed voor.
In 2023 moet er een nieuw actuair rapport opgemaakt worden.

7. Contributie en vergoeding aan dienstengebruik

- Voorstel: contributie continueren €22,50 p.j. per volwassen lid
- Voorstel: ledenkorting bij overlijden te handhaven op €1.150,-
De vergadering gaat akkoord met dit voorstel.

8. Bestuursverkiezing

Wimmy van der Meer is aftredend en herkiesbaar.

Geen tegenkandidaten, dus Wimmy draait nog een periode mee.

Jeltsje Brouwer wordt voorgesteld als bestuurslid om het secretariaat van Hylkje over te nemen. Hylkje draait nog 1 jaar mee en draagt het secretariaat over aan Jeltsje en het penningmeesterschap aan Paule.

Dus in 2023 bestaat het bestuur uit 6 leden.

9. Statuten en huishoudelijk reglement

De statuten moeten nog aangepast worden. Dit doen we nog via de notaris in Sneek.

We hebben ons wel voorbereidt op de WBTR en een aantal zaken goed vastgelegd.

Na de bestuurswisselingen en mogelijke actualiteiten die nog lopen zullen de statuten aangepast worden.

10. Bode- en dragerszaken

Beide bodes hebben geen vragen of opmerkingen richting bestuur.

Afgelopen jaar hebben de bodes het druk gehad. Niet alleen bij onze vereniging maar ook bij de anderen.

Dragers: Jan verzorgt het vervoer van de Baar op de kar.

De dragers hebben in 2022 bij 1 uitvaart ook echt gedragen.

Een maximumleeftijd voor de dragers stellen we niet in. De dragers kunnen zelf wel inschatten of ze nog fit genoeg zijn om de taak te vervullen.

Onze dragers even op een rijtje:

Meile Zijlstra

Jan Posthumus

Piet Posthumus

Ale de Jager

Hinderik de Jager

Marco Zijlstra

Guus Terpstra

Zouden de dragers eventueel bereid zijn om eens in te vallen bij een andere vereniging van het cluster. Als de nood aan de man is dan kan de vraag gesteld worden aan de dragers, maar niet als automatisme.

11. Rondvraag

Hylkje: Excursie naar Hoogland kistenmaker. Voor bestuur en dragers.

Hylkje zoekt een datum in september. We zijn aansluitend uitgenodigd bij Anna voor een borreltje.

12. Sluiting

De voorzitter sluit de vergadering om 9.00 uur en wenst iedereen wel thuis. Er was nog gelegenheid onder het genot van een hapje en een drankje gezellig na te praten. Dat lukte prima!

Agendapunt 7, voorstel samenvoeging Raerd en Reduzum

Een tijdje geleden heeft Uitvaartvereniging Raerd aangeklopt bij ons als bestuur van uitvaartvereniging 'De laatste eer' Reduzum, Eagum, Idaerd en Friens. Zij wilden graag met ons onderzoeken of beide verenigingen ook samengevoegd kunnen worden. Raerd heeft al jaren moeite om een voltallig bestuur te krijgen. Na verschillende overleggen zijn we tot de conclusie gekomen dat een samenvoeging tot de mogelijkheden behoort. Voorwaarde is wel dat de leden van beide verenigingen hier mee instemmen.

Uitvaartvereniging 'De laatste eer' Raerd

De vereniging in Raerd bestaat al meer dan een eeuw, en vooral de oudere leden ervaren dat als waardevol. De vereniging telt zo'n 200 leden en is financieel gezond. En toch ervaart het bestuur

van deze vereniging één probleem. Het lukt hen al jaren niet om een voltallig bestuur te krijgen. Dat een uitvaartvereniging in stilte zijn werk doet is niet erg, en misschien wel een goed teken, maar zonder genoeg bestuursleden wordt het problematisch. Dit was jaarlijks onderwerp van gesprek en toch kwam er geen oplossing daarom is het bestuur opzoek gegaan naar andere mogelijkheden. Met als uitgangspunt dat de leden hun rechten en plichten behouden. Met deze insteek is het gesprek gezocht met ons als buurvereniging.

Samenvoeging een reële optie

Na een aantal gesprekken zijn we tot de gezamenlijke conclusie gekomen, dat een samenvoeging van beide verenigingen een reële optie is. Ook de actuaire van de Federatie heeft hier positief op gereageerd. Beide verenigingen zijn gezond en na een eventuele samenvoeging blijft dit zo. Een moeilijk punt was dat wij een hogere contributie hebben dan Raerd, dus de leden van Raerd onder onze voorwaarden over te laten gaan was geen optie. Vooral de oudere leden van Raerd zouden dan een behoorlijk bedrag bij moeten betalen.

Het voorstel is nu dat de leden van Raerd lid worden van onze vereniging onder dezelfde voorwaarden zoals ze die nu bij Raerd hebben. Leden krijgen de mogelijkheid om vrijwillig over te stappen naar de voorwaarden zoals Reduzum die hanteert. Vooral voor jonge leden kan dat interessant zijn. Voor nieuwe leden uit Raerd gelden de voorwaarden van onze vereniging. Daarnaast wordt er minimaal één bestuurslid uit Raerd toegevoegd aan ons bestuur. In de mogelijk nieuwe vereniging is meer bestuurskracht aanwezig, is de iets grotere schaal een voordeel, maar houden de leden van Raerd het vertrouwde van de lokale uitvaartvereniging.

De leden van Raerd krijgen de volgende mogelijkheden:

1. Lid te blijven op dezelfde wijze als bij Raerd

Als een lid van Raerd hiervoor kiest dan blijft alles hetzelfde: €12,- contributie en €600,- ledenkorting bij overlijden.

2. Lid worden op voorwaarden van onze vereniging

Wanneer een lid van Raerd besluit over te gaan naar onze voorwaarden dan gaat de contributie naar € 22,50, de ledenkorting naar € 1.150 en er moet op basis van leeftijd een inkoopbedrag worden betaald. Dit is alleen voor leden tot 40 jaar aantrekkelijk.

3. Over schrijven naar een andere uitvaartvereniging

Mogelijk moet een lid dan ook inkoopbedrag betalen aan de nieuwe vereniging, dat is afhankelijk van de ledenkorting die door de andere uitvaartvereniging wordt uitgekeerd.

4. Stoppen als lid

Betreffende lid krijgt geen geld terug van de betaalde contributie.

Hoe gaan we verder?

Wat hierboven beschreven staat is een voorstel van beide besturen. De leden van beide verenigingen beslissen afzonderlijk van elkaar over dit voorstel. Het kan dan ook alleen doorgaan als beide verenigingen, in hun ledenvergadering, instemmen. Op de komende algemene ledenvergadering staat dit voorstel op de agenda en wordt er over gestemd. Het is mogelijk dat er dan niet voldoende leden aanwezig zijn. In dat geval wordt een tweede vergadering georganiseerd, waarop ongeacht het aantal aanwezigen gestemd kan worden. Het doel is om uiterlijk in april 2024 duidelijk te hebben hoe beide verenigingen over het voorstel gestemd hebben. Mocht dit in beide gevallen positief zijn, dan kan de rest van het jaar gebruikt worden om de verenigingen administratief in elkaar te schuiven, en gaat de nieuwe vereniging 1 januari 2025 van start.

Contributie: p.p.p.j. deze wordt in maart/april automatisch geïncasseerd.

- Volwassen leden: € 22,50;
- Beide ouders lid dan zijn de kinderen, mits opgegeven tot 18 jaar, gratis lid: € 45,00;
- Bij 1 volwassen lid met kinderen tot 18 jaar: € 32,50 (22,50 + 10,00).

Met hartelijke groet,

Bestuur Uitvaartvereniging DLE Reduzum, Eagum, Idaerd en Friens

Axon Fysiotherapie

Uw prikkel tot herstel



Praktijk voor onder andere:

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Dry needling
- Fitness & revalidatie
- Behandeling na operatie (ook aan huis)

Bijzonder gespecialiseerd in behandeling van:

- Rugklachten
- Nekklachten
- Schouderklachten
- Hoofdpijn & duizeligheid
- Chronische pijnklachten



AXON FYSIOTHERAPIE

Locaties

Axon Fysiotherapie
Skoallestrjitte 11, Deinum

Gezondheidscentrum Nij Franjum
Franjumbuorsterpaed 10, Marsum

Gezondheidscentrum it Kleaster
It Kleaster 1, Wytgaard

Telefoon

(058) 254 22 83

Email

info@axonfysiodeinum.nl

www.axonfysiodeinum.nl

It stikje fan Koos

Jong wêze doe en no

In grut part fan de jeugd hat it dreech, is kwetsber en de mentale sûnens is leech. Je lêze it de lêste tiden withoefaak. De koroana-perioade hat der gjin goed oandien. Keninginne Máxima skreau der yn it ferline sels in brief oer. De titel fan it brief 'Je bent niet alleen'.

Sa hat 49% fan de jongerein lêst fan iensumens en stress. Wer oaren tinke oan selsdeading (ien op de seis) en ien op de trije is faak wurch (ûndersyk RIVM). Dochs heart ús jongerein noch altyd ta de lokkichste fan Europa. In grut part hat noch betrouwen yn de takomst en seit dat se sûn binne.

It liet dit alles yn mei omgean en tocht oan myn eigen jonge jierren. Hiene wy it ek sa dreech? Ik leau it net, mar de wrâld wie dan ek hiel oars. We libben beskerme, de wrâld wie lyts. Wy hiene de skoalle, it doarp (Friens en Reduzum), it jeugdwurk, de sneinsskoalle, de boeke- en skoalbus en de sport. En al wie it gjin fetpot, dochs hiene wy it goed. Sosjale media en it mobyltsje, it bestie net. De krante en de radio, dêr moasten wy it mei dwaan. Letter kaam de telefyzje (by ús yn febrewaris 1968 mei de Olympyske Spelen yn Grenoble), earst mei ien net en fansels swart-wyt.

Ik waard op 1 desimber 1953 berne yn Langsweagen. Dêr yn de Lytse Wyngaerden wie ús heit setboer (sis mar arbeider) fan Frans van der Burg. Us heit en mem koene it spul keapje, mar dat koe de brune net lûke. Boppedat wie it in hiel âlde, suterige pleats, dy't folle letter troch heabroei ôfbaarnde. Sadwaande bedarren wy op âlde maaie 1954 yn de dykhúskes tusken de Snitserhoeke en de Frienzerdyk. Us heit hie him besteld by Jarich Boersma op de Pôle (Epema) yn Friens. De dykhúskes binne der al lang net mear, mar by't maitiid steane de titelroazen, dy't wy in de tún hiene, noch altyd yn bloei. No ek noch mei it nije brede fytspaad.

Nei in moaie beuker- en legere skoaltiid (beukerskoalle by de tsjerke) gong ik fjouwer jier nei de ULO (letter Mavo) oan de Boarnsterdyk yn Akkrum. In prachtige tiid mei jonge leararen as Ate Bergsma, Dries Jager, Jan Pietersma en Klaas Sikkema, om mar in pear te neamen. It hat myn moaiste skoaltiid west. Ik wit noch dat direkteur Bergsma (de pake fan reedridder Jorrit) by ús heit en mem kaam. Ik siet yn de twadde klasse en it gong eins te goed mei my yn Akkrum, myn siferlisten wiene geweldich. Ik

soe eins nei de HBS moatte wie syn advys. Dat ha ik net dien, ik woe net en lokkich lieten heit en mem my gewurde. Sa koe ik op dy geweldige skoalle bliuwe.

Yn 1969 ferhuzen we nei Reduzum. Heit en mem kochten Haedstrjitte 31, it hûs fan Ale en Fimke Meijer foar 9.500 gûne. Us heit wie net langer boere-arbeider op De Pôle, mar gong oan de slach mei fla, sûpe en yochert by de Frico yn Wergea. Ik wie fyftjin en it libben krige wat mear fleur. Yn it doarp wie dochs mear te dwaan as op de romte. Jûns gauris it doarp yn en ja wy hellen ek kattedwea út. De havo yn Ljouwert waard myn nije skoalle. Wat in ferskil mei Akkrum. Nei twa jier havo wie de pedagogyske akademy it folgjende stasjon. Yn 1975 slagge ik en doe moast ik 16 moanne de tsjinstplicht 'ûndergean'.

Yn de skoaltiid nei Akkrum gong alles op de gewoane fyts. In inkele kear (stoarm, snie) waard de grien-wite NTM-bus brûkt. Dy waard letter giel-wyt. Yn it lêste jier kaam de brommer. Alle jonges yn Reduzum hiene der ien. Zundapp wie de favoryt, oare merken wiene Kreidler, Sparta, Batavus en Puch. Sneontejûns gongen we faak manmachtich op de brommer it doarp út. No tink ik wolris: "Wat stonken dy kringen!" Mar yn dy tiid wie it in machtich middel om fuort te kommen. Kuorbal en keatsen waard troch de measten fan ús beoefene. En benammen mei it kuorbaljen by Stânfries hiene we in protte sukses (FK's, NK's). Foaral no beseffe je dat it in poerbêste tiid wie.

Hoe oars skynt it no te wêzen. Oeren achter de laptop of mei de mobile telefoan oan 'e slach. En dat jildt net allinne foar de jongerein. Kom mar ris yn de wachtkeamer yn it sikehûs of by de húsdokter. Der wurdt neat mear sein, hast elk bûcht him of har oer it lytse skermke.

In grut part fan de jeugd hat it drok, te drok. Oaren ha alles al opjûn, dy dogge 'neat' mear. De help soe komme moatte fan Jeugdzorg Nederlân. Mar dêr binne de wachtlisten lang, de kosten heech, der driigje besunigingen en der is fierste min personiel.

Eartiids wie alles oars, mar as it doe ek better wie? Dat sis ik hjir net, mar somtiden tink ik it wol.

Koos Wieling

Grofvuil?
Maak een
afspraak!

Gescheiden grofvuil? Lever het GRATIS in bij de milieustraat!

Werkt het nog?

Is het kapot? Maak een afspraak
Omrin afvalapp • www.omrin.nl • 0900 - 210 0 215



Breng het naar de
kringloopwinkel
of andere goede
initiatieven voor
hergebruik.



Breng het naar de
milieustraat in Leeuwarden,
Stiens of Grou



Laat het ophalen

Grofvuil

Grofvuil is afval dat te groot is voor uw container, bijvoorbeeld kapotte meubels, hout, tapijt en hard plastic. Dit kunt u altijd gratis naar de milieustraat brengen als u het gescheiden, per soort materiaal, aanlevert.

It is mar goed dat Baas net mear wurket, hy en Frou ha tegearre in deitaak oan ús beide. Moarns wurde wy los fan mekoar útlitten om't dat lytse ding my oars hieltyd yn it fel of oan de earflappen hinget. Wat dat oanbelanget hat se my it ôfsnauwen wol leard. Dat die ik earder nea, mar jo moatte wol! In snuter op syn tiid blykt fertuten te dwaan; ik moat myn grinzen oanjaan. Wier, oars hâld ik gjin kwispel oer.

Ik bin net oergeunstich oanlein, mar ik fyn it wolris dreech dat dy lytse flarde safolle oandacht freget en ek kriget. It kopke fan in pup eaget altiten oandwaanlik en dat makket minsken sûnder mis weak. Begryp my goed, sels kom ik wier neat tekoart. Sa komt der bygelyks in protte hûnefolk oer de flier om in saneamd puppeslokje en dat nimt lokkich foar my ek faaks eat mei. Hiel attint. Dochs fielt it in bytsje dat de earste dummy net mear foar my opsmitten wurdt en dat myn baaskes net sa bot hinkje om myn seare poat.

Oan de oare kant, koartlyn wie de lytse droktemakker yn 'e skiterij. It wie suver stil yn hûs, sa'n pine yn 't liif hie it lytse skytmerakel. Dat begrutte my ek wer ta de teannen út. Baas hat har lokkich gau wer better makke en no rauze wy wer tegearre troch de tún. Doe haw ik besletten dat wy eins in moai span binne. Dat hear ik minsken ek sizzen at wy sa no en dan mei syn fjouweren troch it doarp omspane. Dêrom sil ik wakker myn bêst dwaan om dat donderstientsje de knepen fan it apportearjen by te bringen. Krekt salang dat alle jagers op de kriich kjel wurde at sy sjogge dat Afke en Eefje op de list steane. Se binne warskôge! Sa, ik haw myn wrafke bile.

Afke fan it Fryske Wetterlân, hûn fan de bistedokter en syn Frou



Massagepraktijk Shanika

-  Meerkoetweg 50 8446 JZ Heerenveen
-  06-53194824
-  info@massagepraktijkshanika.nl
-  www.massagepraktijkshanika.nl

Facebook.com/Massagepraktijk.Shanika

Voetreflex: drukpuntmassage om orgaanklachten te behandelen.

Vriendinnen uitje: massagebehandeling met high tea, high wine of diner bij 't Gerecht.

Tapparfum: parfum tegen een eerlijke prijs.

Pinnen is mogelijk



Boonstra RioolService

Wij lossen elke verstopping op en meer :

- * Cameraonderzoek
- * Stankonderzoek
- * Herstelwerkzaamheden
- * Alle bijkomende werkzaamheden

*Afvoer problemen ?
Bel Boonstra !!*

06 22 49 88 24

www.Boonstra-RioolService.nl

Douwemastrjitte 7 9011VN Jirnsum / Haedstrjitte 12 9008SP Reduzum

Uw woning laten schilderen ?



VAN DER HEIDE Schilders Wirdum

Schilderwerk Beglazingen en Wandafwerking

Johannes van der Heide 06 - 21 89 54 88



maart 2024

De Drûge Haven

In projekt dêr't lang om let wat beweging yn komt. It miljeuhygiënysk ûndersyk hat yntusken plak fûn. Buro TAUW hat koartlyn in tal ekstra boarringen ûnder it asfalt fan De Haven dien. De gemeente ferwachtet ynkoarten in kompleet oersjoch te hawwen. Op basis fan de resultaten fan de boarringen dy't al ûndersocht binne, liket de (lead)fersmoarging ta te fallen. Dat is op himsels posityf, mar dêrmei wurdt de needsaak ta sanearring lytser. De projektlider hâldt ús op 'e hichte.

Wolst helpe by de Slachtemaraton?

De Slachtekommisje fan Reduzum siket frijwilligers foar de Slachte op 15 juny 2024. Wolsto op dizze dei helpe by it ferkear of hapkes en drankjes fersoargje foar de frijwilligers? Meld dy dan oan troch in mail te stjoeren nei: slachtekommisje@reduzum.com mei dêrby dyn telefoannûmer. Men kin dan ek oanjaan hokker deidiel oft men beskikber is.

Babysokjes

Yn Reduzum bestiet de moaie tradysje dat by de berte fan in poppe ien fan it doarp op poppeslok komt en dan 'selsbreidene' babysokjes meinimt. Hillie van den Bogert breidet de sokjes en Dout Bergsma besorget se. Dout wol dit graach oerdrage oan in oare ynwenner fan Reduzum. Dêrom binne wy per 1 maaie op syk nei in ferfanger. Wa wol dit oernimme of wit ien dy't dit oernimme wol? Meld dy by doarpsbelang!

Laadpeallen Smedingstrjitte

De gemeente Ljouwert hat in tal meldingen ûntfongen oer it gebrûk fan de laadpeal oan de Alle Jans Smedingstrjitte. De meldingen gean oer it oanjaan fan de parkearplakken foar allinnich laden. By pleatsing binne der doedestiids ôfspraken makke om beide parkearfakken net oan te tsjuten foar allinnich laden fan elektryske auto's. Mei de taname fan de meldingen oer it elektrysk laden, hat de gemeente dit wer oan DB foarlein. DB kin him fine yn it foarstel om ien parkearfak te reservearjen foar allinnich laden. Op it oare plak kin laden en parkearre wurde. Sa kinne we temjitte komme oan de tanimmende winsk fan de laders en kin der monitoard wurde wat de parkeardruk hjir is.

Reduzum Bloeit

De wurkgroep hat foar it earst byinoar west ûnder lieding fan Djoke Reitsma. It wie benammen in brainstoarm gearkomste oer mooglike aktiviteiten yn it ramt fan duorsumens, bioferskaat en mienskipssin. Alderearst is der in datum keazen: sneon 28 septimber.

Dus notearje mar fêst yn dyn aginda! Mear ynformaasje folget.



Oanfragen Hilverdafonds

Foar 15 maart kinne ynwenners noch in oanfraach yntsjinje foar it Hilverdafonds. It giet om in bedrach fan € 614. De oanfraach mei beskriuwing fan it plan kin stjoerd wurde nei doarpsbelang@reduzum.com. It giet om Redúster projekten.

Algemiene Ledegearkomste

Notear fêst yn de aginda: op 25 april is de ALV op de boppeseal by Jeroen en Lutske. Alle leden binne fan herte útnûge!

Doarpsbelang Reduzum bestiet út: Djoke Reitsma, Anke van Gorkum, Louise van Essen, Ben Akkerman en Janneke Broers. Wy binne te berikken op doarpsbelang@reduzum.com



Frederika's Taarten & Sa

Heerlijk gebak, koeken & taarten
Kruidenierswaren & slagers producten
Bloemen, planten & cadeauartikelen



Wij maken ook de lekkerste (bakkers)pakketten voor u klaar

Openingstijden:

Maandag – gesloten
Dinsdag 08:30-12:00 & 16:00-18:00
Woensdag 08:30 – 12:00
Donderdag 08:30 – 12:00
Vrijdag 08:30 – 17:00
Zaterdag 08:30 – 14:00
Zondag - gesloten

Meekeshof 1 in Wytgaard – 058 255 17 07 – 06 12 62 50 12 – info@frederikastaarten.nl



Alles onder één dak bij Van Campen & Dijkstra

Wij zijn jouw persoonlijke
financieel adviseur in Grou en
omstreken voor:

- ✓ Verzekeringen
- ✓ RegioBank
- ✓ Hypotheken

Loop gewoon eens bij ons
binnen!



Parkstraat 7 | 9001 AS Grou
0566 651 020 | grou@vancampendijkstra.nl
www.vancampendijkstra.nl/grou



Eartiids skreaune minsken inoar in brief. No stjoere se meastal in appke of in mailsje. Twa minsken yn ús doarp hawwe inoar fûn troch dy e-post. Wy wolle it de lêzers fan ús Linepraat net ûnthâlde, dêrom wat biten en brokken fan de digitale snelwei tusken Suderom en Ayttawei.



Goedei Menno,

Wat in titel al net dwaan kin. Ja, it wie wol in aardich stikje, mar it opskrift doogde net. Dat krige ik fan guon kanten te hearren nei ús earste glêsfefzelpraat. It hiele doarp oer de kop helle, op guon plakken mear as ien kear, mar de Delta-tried docht it noch lang net. De ynfojûn wie yn maart 2022 op 'e boppeseal by Jeroen en Lutske. It soe allegearre geweldich wurde! We binne aanst twa jier fierder en wa hat glêsfefzel? Ik ha kontakt hân mei Allinq, it bedriuw dat alles oanleit. By ús op Suderom soene ein jannewaris seis húshâldings goed wurkjend glêstried hawwe, sei in aardige frou. Yn de buertapp die bliken dat noch nimmen it hat. By guon wenningen moat alles noch oanlein wurde! Watfoar ûnderfining hasto mei Delta?

Ha Koos,

'No, brek my de bek net iepen!', soe ús Afke wol bylje. Wurklju hawwe wakker ûnder de dyk troch boarre en yn ús tún omdold en ik miende dat de tried der al lei. Letter die bliken dat dâ't net slagge wie. Se wiene wol troch ús kabel nei de homeie hinne rausd. Sadwaande dogge de ljochten dêryn it de hiele winter al net mear... Doe ha se yn dy wiete snuorje op ferskate plakken de dyk iepen seage foar dy glêsfefzel en alsa ha wy no op de Ayttawei úteinlik in soartemint fan ferkearsdrompels krigen. Der leit hjir hjoeddeis wol in opfieme griene rôle fan in meter as tsien tsjin ús gevel oan, mar oanslute hoecht om my net. Delta hat my wol mear as ien kear oan west, hear, mar ik kin dy ommers noch goed en rap genôch berikke troch de âlde tried. Boppedat hâld ik net fan bernesykten.

Wat oars. Ik haw twa kaartsjes fan de bank foar in ynspiraasje jun mei Erben Wennemars. Wolsto mei my mei dêrhinne? Liket my ha-ha-hartstikkene aardich!

Hoi Menno,

No it wie ferrekte aardich dat wy op in moandeitejûn mei noch 150 oare minsken yn de Elfstedenhal fan Ljouwert sieten. It wie in jûn fan de bank dy't oer 2023 € 4,3 miljard winst makke hie, dan kinne je fansels ek wol wat útjaan. Ald-sprintwrâldkampioen Erben Wennemars moast ús ynspirearje en dat slagge him tige. Net in ferhaal oer gouden reedrydmedaljes, mar oer de eachlapen dy't hy ophân hie mei syn moaie karriêre. Erben hie it no benammen oer de breedtesport, oer nocht en wille, oer de jeugd. As we dat goed oanpakke, komme de topsporters fansels wol boppedriuwen. Mar alles begjint by de feriening yn it doarp of de buert. It ferskaat op dizze jûn wie geweldich. Fan fokferiening oant jeu de boulesklup, fan muzyk- en sportferiening oant doarpskrante en folksdûnsgroep. As it ek wat opsmyt foar ús Linepraat moatte we ôfwachtsje. Mar dit jier wer meidwaan oan 'Rabo ClubSupport' kin altyd.

We sieten mei 150 minsken as makke skiep yn ien romte. Hoe tinksto oer de Canis lupus (de wolf) yn ús lân?

Potferjanhinnepyk, Koos,

Ik hie Erben ek wol efkes sprekke wold, hear! Wylst ik my kreas yn in praatgroepke bejoech om Linepraat te fertsjintwurdigjen, krûpte dyn reportersbloed dêr 't it net komme kin. Sabeare om te pisen hasto de topsprinter fan eartiids oan de jas lutsen. Doe't ik dat nei ôfrin dwaan soe, wie hy fansels al lang en breed mei syn flesse bearenburch ûnderweis nei hûs ta ...

Wat de stamfaar fan al ús hjoeddeiske hûnerassen oanbelanget, dy heart yn de frije natoer. En dat ha wy hjir net mear. It is ien en al kultuerlânskip. Op de Veluwe en yn It Drintsk-Fryske Wâld sil der plak wêze foar in spantsje of ien hiele ridel. Mar dan komme der hieltyd mear en giet it mis. Moat de mins it 'regulearje'? No, wy witte hoe't dat mei de guozzen giet: bejeie en ferjeie helpt amper, der komme hieltyd mear gakken en de skea by de boeren nimt allinne mar ta. Dreech hear!

Sels bin ik mei de Griengroep fan Doarpsbelang mei de gemeente en in ekolooch drok yn petear om ús doarp wat moaier te meitsjen en it bioferskaat te stimulearjen. En dan tinke jo dat de sinteraasje de grutste swierrichheid is. Mar nee, draachflak by de bewenners en alle noazen deselde kant út krije, dat is pas dreech! Hasto tips foar my?

Kom werken in de logistiek!

Werff talent biedt volop mogelijkheden.

Vast werk

Tijdelijk werk

Seizoenswerk

Flexibel werk

Dag, nacht of weekend

Vanaf
1 dag per
week!

Opleidingen



Werff  talent
Logistiek werk

Haskeruitgang 101
8447 CK Heerenveen
0513 - 61 03 80

werken@werfftalent.nl

Check ons
werkenaanbod



www.werfftalent.nl



ReduRisk
Adviseurs in Risicobeheer

Balthasar Bekkerwei 72c, 8914 BE Leeuwarden

Blikstiender Menno,

Dit is dreech. Ik bin gjin beliedsmeiwurker, adviseur of projektlieder. Yn 'e weak sette soe ik sizze. Minsken moatte de tiid krije om te wennen oan in nij idee en se wolle meiprate en heard wurde. In protte minsken fine it dreech om it âlde fertroude en bekende los te litten. Dêr moat je hoeden mei omgean. Tink oan it sprekward: in hynder mei in weake bek moat men mei in sêfte team stjoere.

Yn De Haach besocht Ronald Plasterk ek draachflak te kreëarjen. Dat slagge net, ek al omdat er net prate koe oer de foarm fan in nij kabinet. Dat wie syn opdracht net! No krijt Kim Putters fjouwer wike de tiid. It wurdt wer in gebed sûnder ein. We binne goed yn it wyt en swart ferwiten, we polarisearre omraak en it maatskiplik draachflak broazelet ôf. Wannear komt Nederlân út de nederklits?

Is dan alles negatyf? Wis en wrachtich net. Sa hie ús toanielferiening ROTO in moaie foarstelling mei Kafee Noir en dogge ús kuorballers fan Mid-Fryslân it bêst op it ien nei heechste nivo fan ús lân. Je moatte it no mar yn lytse dingen sykje. Of net Menno?

Jawis, Koos!

Wat in moai advys en in byldzjend sprekward fan dy. Ik ken der noch sa'n ien: wa't it hynder krije wol, moat him net it helter foar de holle smite. Dat meie de politisy harren ek oanlûke mei al dat getwitter en inoar ferwiten meitsje. Dan kin it ommeers nea wat wurde! Boppedat jouwe sy net it goede foarbyld. Sa seach ik ferline wike noch mei nocht nei it lêste petear mei âld-minister Van Agt en stikjes fan Keamerdebatten fan doe. Joop en Dries wiene it lang net iens, dochs hiene se respekt foar inoar. En wat in redenrykdom, dêr kin mannich Keamerlid wat fan opstekke! Hawar, wy sille sjen oft dizze 'mantsjePutter' in muorrebrekker is dy't sljochtsje kin.

Lokkich komt de maitiid der oan. Dat makket my dan wer bliid. Ik haw de earste skries al heard en de einekuorren kinne út. It skieppenhok moat ree makke wurde foar de lammerij en de skiep kinne werom nei de greide efterhûs. At yn it foarjier op in moaie neimiddei de lamkes yn in kloft oer de polderdyk fleane, dan kin ik dêr o sa fan genietsje. En ik rekkenje der fansels wol op dat de farmaseuten earstdeis in faksin tsjin de blautongesykte klear hawwe, oars hâld ik myn hert fêst at de knutsjes wer begjinne te fleanen ...

Promotie

Onze oud dorpsgenoot Fenna Bergsma is nu officieel gepromoveerd aan de Johann Wolfgang Goethe-Universit t in Frankfurt am Main (Duitsland). Haar proefschrift had zij op 17 december 2021 al succesvol verdedigd, maar in Duitsland mag iemand de doctorstitel pas voeren op het moment dat het proefschrift is gepubliceerd, en dat is nu het geval.

Fenna Bergsma's wetenschappelijke verhandeling '[Case competition in headless relatives](#)' is uitgebracht door de Universit tsbibliothek Johann Christian Senckenberg en is daar gratis te downloaden.

Haar proefschrift gaat over hoe de interne structuur van een woord de grammaticaliteit van een zin be nvloedt. Ze vergeleek daarvoor vrije relatiefzinnen en relatiefpronomina uit verschillende talen met elkaar.



Sinds 2021 werkt Fenna Bergsma (1991, Reduzum) bij de Fryske Akademy als taalkundig onderzoeker en doet ze onderzoek naar Friese morfologie en syntaxis. Tussen 2020 en 2023 is zij ook werkzaam geweest als docent aan de Universiteit van Amsterdam op het gebied van morfologie en syntaxis.

Bergsma behaalde in 2013 haar bachelorsdiploma Lingu stiek aan de Rijksuniversiteit Groningen, in 2015 haar masterdiploma Lingu stiek aan de Universiteit van Amsterdam en in 2024 haar doctoraatsdiploma aan de Johann Wolfgang Goethe-Universit t.



MAKELAARDIJ
Mid-Fryslân

Thús yn Reduzum

📍 Hoofdstraat 2, 9001 AM Grou 📞 0566-622776 🌐 mid-fryslan.nl



- autoreclame - redameborden - gevelbelettering - drukwerk
- raamdecoraties - full color printing - spandoeken - vlaggen

www.sign-store.nl

de Muldyk 11B, 9001 XV Grou



Yacht wrapping

niet spuiten, maar plakken

- jachtwrapping - jachtbelettering - scheepsnamen - stripings
- registratienummers - fc geprinte huiken - jachtzeil belettering

www.yachtwrapping.nl

0566-602757 of 06-17108701



QlubbRED

Yn febrewaris ha we it Falentyns feestje hân. Wat in sukses! De bern ha hearlik oan it dûnsjen west.

Op freed 15 maart ha we it folgjende feestje, nammentlik in Après-ski feestje. Mear ynfo folget op ús social media, QlubbRED op facebook as instagram. Hooplik sjogge we jimme dêr!

Sa as jimme witte sille we op 12, 13 en 14 april nei Amelân. We ha in hiel soad opjefte krigen, super! Opjaan kin spitigernôch net mear, want wy sille efter de skermen drok oan' e gong om in prachtich wykein del te setten en alles te regljen. Wy ha der in hiel soad nocht oan en sjogge der nei út om der wer in geweldich wykein fan te meitsjen mei jimme, hooplik oant dan!



QLUBBRED
REDUZUM



In baltsje op fan it keatsfjild!

Keatsferiening Jan Reitsma Reduzum is yn 2024 jierdei. 120 jier wurde wy mar leafst ...! Dêrom sille in oantal bern op kamp en oaren der op út foar in oare leuke aktiviteit.

En dêrom ek hâlde we op sneon 29 juny in feestje. Mei de haadklasse manlju as gast dy dei om by ús in moaie keatsdei te belibjen. We sille jim der noch faker in reminder oer stjoere, mar skriuwe dizze datum mei stip op yn de aginda ast dat noch net dien hast!

Der bin al ferskate bedriuwen as sponsors oan dizze jubileumaktiviteiten ferbûn. Ynkoarten komme we ek mei in aksje wêrby't we elts, dus ek partikulieren, freegje ús te stypjen yn dit jubileumjier.

Ha jo sels ideeën? Meld it dan by it bestjoer.



K.F. Jan Reitsma
Reduzum • 1904



Super stoere jubileumshirts; Dy wolsto dochs ek ha!

We fiere in jubileum en litte derom jubileumshirts meitsje. Al mear as 50 minsken (jong en minder jong) ha sa'n shirt besteld, mar fansels is it moai as it fjild kommende simmer kompleet grien kleuret..

Foar € 15 hast in shirt en foar € 17,50 hast do in jubileumshirt mei dyn eigen namme efterop! Mis it net en mail nei kvjanreitsma@gmail.com dyn winsk foar ek sa'n shirt.

Poiesz-sponsoraksje

Op 12 febrewaris is de Poiesz sponsoraksje fan start gien. Us feriening mei dit jier ek wer meidwaan yn de winkel fan Grou. Wy hope dat jim allegear mei ús mei sparje!

Dat kin fansels troch jim muntsjes sels yn Grou yn de koker fan ús keatsferiening te dwaan, mar jim meie se ek by Annie van Dijk ynleverje. Wa't dêr de measte muntsjes ynleveret, fertsjinnet sels in leuke priis.

Leuk ekstra weetsje: op sneon 23 maart bin we yn de Poiesz yn Grou te finen fan 10.00 oan 15.00.





Blauwe Tent

Lunch & Diner

Gewoon lekker eten in een gezellige
ambiance. Betaalbaar, puur,
(h)eerlijk en lokaal.

Overijsselsestraatweg 6, 9008 TS Reduzum
www.blauwetent.nl • info@blauwetent.nl

Bûtenkoalse opfang
Foar de bern fan de basisskoalle



Haedstrjitte 29, Reduzum

info@itsutelplak.nl www.itsutelplak.nl

06-10099030/0566-602434

Café bar de Welp



Café bar "De Welp"

Haedstrjitte 14, 9008 SP Reduzum

Tel: 0566 601541

www.cafebardewelp.nl

info: cafebardewelp@hetnet.nl

Voor al u feesten en partijen,
kom gezellig langs bij fam. Van Dijk.



Dierenartsenpraktijk
Reduzum - Grou

Met hart voor dieren, in het hart van Fryslân

Oedsmawei 13 9001 ZJ GROU tel. 0566 - 601464

Voor spoedgevallen 24/7 bereikbaar

Telefonisch spreekuur: ma t/m zat: 8.00 - 9.30 u.

Spreekuur gezelschapsdieren uitsluitend op afspraak

Balie geopend: Ma t/m Vrij: 8.00 - 18.00 u.
Zat: 8.00 - 9.30 u.

info@dierenartsgrou.nl

www.dierenartsgrou.nl

T. Velstra
hovenier

tuinonderhoud - aanleg - advies

Hoveniersbedrijf T Velstra
De Trije Romers 1
9008 TR Reduzum
tel: 06 180 666 04
mail@hoveniervelstra.nl
web: hoveniervelstra.nl



Nieuwsbrief KV Mid-Fryslân/ReduRisk

Wist u dat u via onze website www.kvmidfryslan.nl zich in kunt laten schrijven voor onze nieuwsbrief? Ontvang updates over bijzondere activiteiten, supporteracties, spotlight op onze teams en onze gewaardeerde sponsors. Mis geen enkel nieuwtje en schrijf je snel in voor de nieuwsbrief!

Spaar mee voor onze club!



Ook dit jaar doet K.V. Mid-Fryslân/ReduRisk weer mee aan de Jeugd Sponsor Actie van Poiesz. Dit jaar worden de gespaarde munten ingeleverd bij de Poiesz in Akkrum.

Mocht je Poiesz munten hebben, lever ze dan in via teamgenoten of trainers uit Akkrum.

In Reduzum mag je de munten ook inleveren bij Margriet Bergsma en Corrie Betten.

Hoe meer mensen sponsormunten sparen, des te hoger is het sponsorbedrag dat we mogen ontvangen. We hopen weer op een mooie opbrengst voor onze club!

De Poiesz Jeugd Sponsor Actie loopt van maandag 12 februari tot en met zondag 7 april 2024.

Verlenging technische staf voor seizoen 2024/2025

De Technische Commissie van Mid-Fryslân/ReduRisk heeft bekend gemaakt dat de voltallige staf ook in seizoen 2024/2025 aan het roer staat van de selectie.

Dit betekent dat John Jonker (trainer/coach MF 1), Marvin Smorenborg (assistent MF 1), Manon Wouda (teammanager/fysio MF 1), Pieter Alberda (trainer/coach MF 2) zich op mogen maken voor hun derde seizoen. Het wordt Ank Jonker (fysio MF 2) haar tweede seizoen in de technische staf. Mirte Wijnstra's (teammanager MF 2) intentie is ook om door te gaan, maar dit is van externe factoren afhankelijk.

K.V. Mid-Fryslân/ReduRisk is dit jaar gepromoveerd naar de Korfbal League 2, het op één na hoogste niveau van Nederland. Met een keurige 5^e plaats in deze klasse bewijst het team dat het thuishoort in deze competitie. "Voor mij voelt het nog niet af, ik wil heel graag met deze ploeg nog verdere stappen maken" aldus hoofdtrainer John Jonker.

Ook Mid-Fryslân 2 heeft onder leiding van Pieter Alberda een goed seizoen. Op het veld werd promotie naar de reserve ereklasse behaald en in de reserve hoofdklasse in de zaal staat de jonge talentvolle ploeg op een indrukwekkende derde plaats.

De Technische Commissie kijkt uit naar een succesvol einde van het lopende seizoen en heeft het volste vertrouwen dat de ingeslagen koers kan worden voortgezet.

Wilt u oud ijzer kwijt?

Ook dit jaar gaan we in Akkrum, Grou, Reduzum en Warten een oud ijzer-actie houden. Een win-win situatie: u komt gemakkelijk van uw oud-ijzer af en de vereniging ontvangt een kleine vergoeding!



Op 22 juni a.s. komen onze vrijwilligers langs om het oud ijzer op te halen. Heeft u al wat liggen dat u tussendoor eigenlijk wel kwijt wilt? Dat kan! Een kleine hoeveelheid kunt u zelf brengen. Is het behoorlijk veel, dan helpen wij mee. Informeer bij de contactpersoon per dorp hoe en wat.

Alle soorten oud ijzer kunnen we gebruiken. Ook kapotte en oude apparaten of gereedschap waar metaal in zit, nemen we graag mee. Oud IJzer = IJzer, staal, RoestVrijStaal (RVS), Aluminium, Lood, Zink, Koper en Messing. Voorbeelden van oud ijzer: (limonade) blik, zaag, wasmachine, vaatwasser, gasfornuis, oven, computer, cv (ketel), radiator, fiets, brommer, auto

onderdelen (maar géén rubberbanden!), kruiwagen, metalen aanrechtblad, metalen wasbak, kranen, leidingen, dakgoten, betonstaal, archiefkast, etc. Koelkasten en vriezers helaas niet vanwege de koelvloeistof, ook geen sandwichpanelen vanwege het isolatiemateriaal. Autovelgen alleen als er geen band meer om zit.



Nijs kuorbalferiening Mid-Fryslân/ReduRisk



Meer info bij contactpersoon Reduzum en Warten:

Afke Zijlstra

06 – 13 44 30 38

afkezijlstra@icloud.com

K.V. Mid-Fryslân/ReduRisk – Kloppend Hart Reduzum:

Famke Alberda, Jet van't Ende, Louise van Essen, Margriet Bergsma en Hiltje Wieling

reduzum@kvmidfryslan.nl

Wedstrijdschema KV Mid-Fryslân/ReduRisk – De Twine Grou:

Hieronder de thuiswedstrijden (onder voorbehoud) die gehouden worden in de Twine te Grou.

Het volledige wedstrijdschema is te vinden op www.kvmidfryslan.nl

Datum	Begintijd	Eindtijd	Thuis team	Uit team
2-3-2024	11:00	11:55	Mid-Fryslân/ReduRisk E1	SCO/European Aerosols E1
2-3-2024	11:00	11:55	Mid-Fryslân/ReduRisk F1	SCO/European Aerosols F2
2-3-2024	12:00	13:00	Mid-Fryslân/ReduRisk D2	DOW/Wez Handich D1
2-3-2024	13:00	14:00	Mid-Fryslân/ReduRisk C3	WWC C1
2-3-2024	14:00	15:00	Mid-Fryslân/ReduRisk C2	Drachten/Van der Wiel C2
2-3-2024	15:00	16:10	Mid-Fryslân/ReduRisk A3	Pallas '08_thebagstore.nl/Wez Warber en Fluch A1
2-3-2024	16:00	17:00	Mid-Fryslân/ReduRisk B1	Weststellingwerf B1
2-3-2024	17:00	18:10	Mid-Fryslân/ReduRisk 7	Wordt Kwiek 2
2-3-2024	18:10	19:20	Mid-Fryslân/ReduRisk 4	Joure 2
2-3-2024	19:20	20:30	Mid-Fryslân/ReduRisk 6	KIOS (R) 3
2-3-2024	20:30	21:40	Mid-Fryslân/ReduRisk 5	DOW/TFS/Wez Handich 5
9-3-2024	10:00	10:55	Mid-Fryslân/ReduRisk E1	WWC E1
9-3-2024	10:00	10:55	Mid-Fryslân/ReduRisk F1	Quick '21 F1
9-3-2024	11:00	12:00	Mid-Fryslân/ReduRisk D3	Kinea D1
9-3-2024	12:00	13:00	Mid-Fryslân/ReduRisk D2	Harkema D1
9-3-2024	13:05	14:05	Mid-Fryslân/ReduRisk C3	Kinea C1
9-3-2024	14:10	15:20	Mid-Fryslân/ReduRisk 7	MN en W 2
9-3-2024	15:20	16:30	Mid-Fryslân/ReduRisk 4	Harich 3
9-3-2024	16:35	17:45	Mid-Fryslân/ReduRisk 5	CSL 4
9-3-2024	17:50	19:00	Mid-Fryslân/ReduRisk A1	Drachten/Van der Wiel A1
9-3-2024	19:30	20:40	Mid-Fryslân/ReduRisk 1	Dalto/Klaverblad Verzekeringen 1
10-3-2024	15:00	16:10	Mid-Fryslân/ReduRisk 2	KZ/Keukensale.com 3
16-3-2024	11:50	12:50	Mid-Fryslân/ReduRisk D3	Weststellingwerf D5
16-3-2024	12:55	13:55	Mid-Fryslân/ReduRisk C2	De Waterpoort C1
16-3-2024	14:00	15:00	Mid-Fryslân/ReduRisk B1	Sparta (Zw) B1
16-3-2024	15:05	16:15	Mid-Fryslân/ReduRisk A2	Spannum A1
16-3-2024	16:20	17:30	Mid-Fryslân/ReduRisk A3	Emmeloord A1
16-3-2024	17:35	18:45	Mid-Fryslân/ReduRisk 6	Invicta/Frigro 3
16-3-2024	18:50	20:00	Mid-Fryslân/ReduRisk 3	KIOS (R) 2

**Gymnastiekvereniging
Stanfries Reduzum**



**Ook in 2024 zijn er weer leuke gymlessen in de gymzaal van Reduzum.
Elke donderdag zijn er twee lessen in de gymzaal:**

14:45 - 15:45 uur kinderen van 6 - 12 jaar

16:00 - 16:45 uur peuters en kleuters 2 - 5 jaar

De peuters en kleuters gaan tijdens de gymlessen aan de slag met motorische vaardigheden. Dit doen zij onder begeleiding van juf Anke. Plezier maken staat voorop. Met elkaar spelletjes spelen als zakdoekje leggen en pittenzakjes door hoepels gooien. Volop klimmen en klauteren in de gymnastiektoestellen en rennen en springen over de tumblingbaan.

De kinderen van 6 - 12 jaar gaan aan de slag met gym- en turntoestellen. Zij verbeteren hun motorische vaardigheden met diverse oefeningen op de tumblingbaan, de flikflakker en toestellen als de trampoline en de kast. Juf Anke geeft deze les.

Uw kind is altijd welkom voor een gratis proefles.
De contributie bedraagt 14 euro per maand.

Voor financiële ondersteuning bij sporten voor kinderen is er het jeugdfonds sport en cultuur. Meer informatie is te vinden op www.jeugdfondssportencultuur.nl

www.gymnastiekstanfries.nl

gvstanfries@outlook.com

Gymnastiek voor 60+

U kunt er niet vroeg genoeg mee beginnen! Bent u 60+ en vindt u het leuk om actief bezig te zijn? En wilt u fit de winter door? Kom dan elke woensdagochtend een uurtje meedoen in de gymzaal van Reduzum!


- Een actief uur bewegen met voor ieder wat wils; van balsporten tot spieroefeningen
- Van oktober tot mei droog de winter door in de gymzaal van Reduzum
- Woensdagochtend 9:30 – 10:30 uur
- Voor iedereen vanaf 60 jaar
- Gezellig samen fit
- € 22,50 per maand

www.gymnastiekstanfries.nl

Vragen? Bel 06-38127829 (Rianne Glerum) of 0566-602399 (Jelly van der Zijl) of mail naar [Gymnastiekvereniging Stānfries Reduzum via gvstanfries@outlook.com](mailto:gvstanfries@outlook.com)

NIJE ROMAN FAN GJALT DE GROOT

DY FERREKTE GROUSTERS



Presintaasje

Op Snein 28 april 2024

Lokaasje

By Gjalte en Els de Groot

Miedwei 11, 9151 AH Holwert

Programma


- 13.30 Ynrin
 - 14.00 Wolkom troch Germ Gerbrandy (âld boargemaster en senator)
 - 14.05 Taljochting troch Eddy van der Noord (útjouwerij Louise)
 - 14.10 Oanbieding fan it earste boek troch Gjalte oan Aant Jelle Soepboer (Twadde Keamerlid)
 - 14.15 Koarte ynlieding troch Soepboer mei as tema *Fryske taal en kultuer*
- Mooglikheid ta petear mei Soepboer ûnder lieding fan Gerbrandy
- 14.45 – 17.00 Romte foar in gesellich byinoar wêzen mei in hapke, drankje en it keapjen fan it boek.

'DY FERREKTE GROUSTERS ...'

It wiene de wurden fan in Wergeaster doe't er it hie oer in Grouster. Hoe koe it dochs dat er dy skerpe en misledigjende wurden spruts? In grutte rûzje, miskien âldsear? Hie Gjalte syn âldomke Arjen, dy't yn 1909 flechte nei Perû, der faaks wat mei te meitsjen? Dat it lang net lekker siet tusken de beide mannen, reidskarders foar einekuorren, is wol dúdlik.

GJALT DE GROOT is in echte Fryske folksskriuwer dy't troch syn byldzjende en boeiende wize fan skriuwen de lêzer meinimt yn syn ferhaal. Fan de acht troch Gjalte skreaune boeken binne der oant no ta mear as 9.000 eksimplaren ferkocht. Dêrmei is Gjalte hjoed-de-dei ien fan de meast lêzen Fryske skriuwers. Ek mei *Dy ferrekte Grousters* sil Gjalte syn lêzers in protte lêsnocht bringe.

Gjalte de Groot en Eddy van der Noord



Zo nu en dan komt de redactie iets tegen dat de moeite waard is om (nog) eens onder de aandacht te brengen. Zoals dit artikel van Baukje Wytsma over de Grutte Trije Romers .

De Grutte Trije Romers



Hy stiet der net mear, mar De Greate Trije Romers wie in prachtige âlderwetske herberch oan de Oeriselstrjitwei fuortby Reduzum. Yn 1697 wurdt de herberch al neamd yn in boek fan Wouter van Riesen as pleisterplak oan dyselde wei. Ek in ferhaal it boek Rimen en Teltsjes fan de Bruorren Halbertsma út 1871, mei in pintekening der by, giet oer de Trije Romers. Dat dizze ferneamde herberch by de skiednis fan Fryslân heart, is fansels sa klear as in klûntsje.

Doe't de grutte wei fan Ljouwert nei Swolle oanlein waard yn 1827, koene de minsken makliker fuortkomme en de herberch wie in moai plak om efkes te bekommen ûnderweis. Yn earder tiden wie by de Trije Romers plak foar mar leafst sechtjin hynstereauwen en der wiene doe fjouwer oppassers oansteld om op de hynders te passen. Ut en troch stutsen ek selskippen mei saneamde 'lange weinen' oan dy't út de Bouhoeke kamen. It waard letter ek it plak dêr't de autobussen oanhouden.

De herberch mei it blauwe úthingboerd mei in ôfbylding fan trije goudene romers der op, hat foar ferskate ferneamde ferienings in belangryk meetingsplak west. Der kamen beneammen ek foaroanmannen fan de Fryske feehâlderij om dêr harren gearkomsten te hâlden. Dêr yn dy herberch hat dan ek de oprjochting fan it Frysk Rundvee Stamboek en it Frysk Hynstestamboek plakfûn op 1 maaie 1879.

Fuort nei de Twadde Wrâldoarloch wie de Trije Romers ek de herberch dêr't it wykblêd Frysk en Frij yn it libben roppen waard. Mar fansels wie it ek it plak om feesten en dûnsjûnen te hâlden. In soad jonge minsken gongen troch de jierren hinne nei de populêre herberch yn Reduzum om ta de nacht út te drinken en wille te meitsjen. In soad jonge leafdes binne op dat plak ûntstien.

Wisten jo, dat.....

- Fryslân de Slachte kuiert en draaft op 15 juny?
- de start by de seedyk is, mar moarns hiel ier in protte auto's parkeare by Raerd?
- de froulju fan Leave 17 oerdei dielnimmers sjongend begeliede sille?
- de Haven skeard is en kreas knipt de simmer temjitte giet?
- it ta falt mei de lead fersmoarging fan de Haven-ûndergrûn, mar dêrtroch de sanearring grif minder heech op de gemeentlike to-do-list komt te stean?
- Suze Hylkema as foarlêskampioen fan ús skoalle mei die oan it Provinsjaal kampioenskip?
- de moaiste stoel fan Ljouwert, dy hiele grutte flewielen fan menear Brok, wol lekker siet?
- in groepke 7/8-ers in spesjaal projekt docht mei help fan it doarpsargyf?
- de toanielfoarstellings yn alle trije doarpen tige suksesfol wiene?
- yn Reduzum in protte jonge gesichten op it toaniel stiene, mar ek yn it bestjoer nochal wat nije minsken omstappe?
- op in snein yn jannewaris der in tal frjemde fûgels yn de Intratuin yn Ljouwert omfleagen?
- dy fûgels te meitsjen hiene mei MILF yn de wyldernis op 6 july?
- Trudy fan Jan de kranten neipluzet oer nijs út de fjouwer doarpen, mar we ek hiel nijsgjirrich binne nei nijs oer ús doarpen út spesjefike (berops) tiidskriften (D.S.B.53, 056601759)
- de Fryske Akadeemje har kollega Fenna Bergsma lokwinket mei har promoasje oan de universiteit fan Frankfurt?
- it proefskrift fan dr. Bergsma giet oer hoe't de ynterne struktuer fan in wurd de grammatikaliteit fan in sin beynfloedet?
- ik jo dizze ynformaasje wol ta skik, mar dêr gjin hout fan begryp?
- Hester en Sytske út Friens de Alternative Alvestêdetocht op de Weissensee útriden hawwe?
- Albert Hofstra dat ek die mei syn freoneploech?
- der nije beamkes plante binne lâns it fytspaad fan Friens nei Reduzum?
- Jarig-Jan Boersma mei it tiim fan Monnickendam in gouden medalje wûn hat op it WK-toulûken?
- hy dêr yn Sweden mei syn eigen tiim (Deinum/Britsum) ek noch ris brûns wûn yn in oare Gewichtsklasse?
- by de ferlotting in manlike frijgesel in dinerbon wûn, mar dy bon fan de Twa Gemeenten der moandeis by de útfiering fan it Frienzer toaniel wêr by wie?
- de priis op 'e nij wûn waard troch in frijgeselle man, mar doe wól yn de bûse stutsen waard?
- de regisseur fan it Goutumer toaniel, Liuwe Tilma, mei syn hiele ploech yn Friens wie?
- dy feriening itselde stik spilet as Friens en juf Hilly har TDS-kollega Karin dy't yn Goutum mei spilet, sjen liet, hoe't it stik spile wurde moast?
- net allinne de Snitserdyk de kommende maitiid oanpakt wurdt, ek de dyk troch it Hôflân en it Leechlân in opknappbeurt kriget én yn de Weidumerdyk drompels oanlein wurde?

Uit de oude doos



Een mooi oud plaatje uit 1963. Op de foto zien we een schaatswedstrijd op de oude ijsbaan te Reduzum.

Klaar voor de start staan links in de lichte trui Afke van Gorkum en rechts Klaske Okkinga. Wie er gewonnen heeft is bij de redactie niet bekend.
(Foto Afke van Gorkum)

Heeft u ook een mooie foto met een verhaal, wij willen hem graag in de Linepraat.



DeelstraJansen
ADMINISTRATIE EN ADVIES

Deskundig, betrouwbaar en betrokken

jaarrekeningen • fiscale adviezen • loonadministraties • belastingaangiften • bedrijfs-
economische adviezen • bedrijfsoverdrachten • samenwerkingsvormen • subsidies

Wismastate 9 Postbus 52 8900 AB Leeuwarden T 0888 181818
F (0888) 181800 www.deelstrajansen.nl info@deelstrajansen.nl

ELECTRA
REDUZUM



- ♦ gas
- ♦ water
- ♦ electra
- ♦ c.v. installatie
- ♦ dakbedekking
- ♦ zinkwerk

Jan Rodenburg
0566-60 15 54

Haedstrjitte 46
9008 SR Reduzum

electra@upcmail.nl
www.electrareduzum.frl

Uw installateur en leverancier voor
al uw technische installaties
en duurzame energie.

onderhoud gastoestellen zonder vast contract!

23/7 bereikbaar

Winkel open op afspraak



De Jong & De Wal

Bouwbedrijf

De Seize 9, Grou, Tel. 0566 - 62 1579
Vestiging Wirdum, Tel. 058 - 255 1961
www.dejongdewal.nl, info@dejongdewal.nl

- Utiliteitsbouw
- Woningbouw
- Waterbouwkundige werken
- Restauratie en renovatie
- Onderhoud en verbouw
- Diverse diensten
 - 24-uurs service
 - WVG aanpassing
 - zomer-/winterklaar
 - service vakantie-
woningen



Impact creëren bij jouw klanten?

Bonnema Grafische Vormgeving laat
jouw merk opvallen doormiddel van:

- Drukwerk
- Logo's
- Websites + SEO
- Huisstijlen

Impact creëren?

✉ jorritbonnema.nl ☎ 06 5225 1723

 **Bonnema**



Kaphûs

Ook 3 avonden per
week geopend!

Dinsdag-, woensdag- en donderdagavond
kun je tot **20.30** uur bij ons terecht.

Maak online je afspraak via kaphus.nl

Wij houden van haar, zo simpel is het.

Kaphûs
Haedstrjitte 24
9008 SP Reduzum

www.kaphus.nl
info@kaphus.nl
0566 60 21 96

